

MOASJE

Wurklistpunt: 9. Kadernota 2025-2028 (9.3 Onderdeel 1 - Wonen en werken)

Underwerp: Problematyk glyfosaat/roundup ûnder oandacht bringe

De ried fan de gemeente Achtkarspelen byinoar op 11 july 2024

Fersiket it kolleezje:

- Om de problematyk en dêrmei de gefaren fan it brûken fan glyfosaat/roundup ûnder de oandacht te bringen fan de boeren, boargers en ûndernimmers yn de gemeente.
- Om boeren, boargers, ûndernimmers en harren organisaasjes lykas de LTO, de Noardlike Fryske Wâlden en it MKB yn de gemeente op te roppen om op frijwillige basis gjin glyfosaat/roundup te brûken, dan wol te ferhanneljen.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Taljochting:

It brûken fan glyfosaat/roundup

- rekket de folksûnens yn 't algemien.
- kin frij wis kanker feroarsaakje.
- kin de sykte fan Parkinson feroarsaakje.
- taast it bioferskaat oan.
- past net by it rintmasterskip.
- wol it Europeesk Parlemint noch 10 jier tastean.

Wopke Veenstra, FNP-Achtkarspelen

Hink Speulman, PvdA-Achtkarspelen

Tjitske Veenstra, GroenLinks-Achtkarspelen

Toos van der Vaart-Kralt, ChristenUnie-Achtkarspelen

Voor: CU, FNP, GBA, GroenLinks, PvdA en raadslid De Vries (10)

Tegen: CDA, PVV en raadslid Van Dijk (8)

De motie is **aangenomen**